

[0190]

## LIJTSE-NOGHT

Tsjin 'e ein fan syn Boere-Practica neamt Baardt trije berneboeken <sup>1</sup>. De titels fan twa, *Uwle-Spijgel* en *Reyntjen Fogs*, binne dúdlik, mar *Lijtse-Noght* is by myn witten noch net thúsbrocht <sup>2</sup>). It moat fansels in folksboekje west hawwe, dat yn Fryslân yn 1640 gongber wie. Soe it Boudewiin Iansen Wellens syn „t Vermaeck der Ieught" net wêze? Dêr pleitet gâns foar. *Lijtse* en *Noght* binne troch in streekje forboun ta in gearstalling fan it selde soarte as b.g. *Boere-Practica*; it kin dus nocht fan (of foar) lytsen" bitsjutte, in oannimlike forfrysking fan „Vermaeck der Ieught". Wellens syn boekje bifettet (Nederlânsk) wurk fan Fryske auteurs en is útjown to Frjentsjer yn 1612, wylst yn 1616 to Ljouwert in mei fersen fan Starter útwreide printinge forskynd is <sup>3</sup>. Men mei wol oannimme, dat it binammen yn Fryslân útsutele is. It biwiis, dat *Lijtse-Noght* „t Vermaeck der Ieught" oantsjut, is net to leverjen, mar as men bitinkt, dat it tal gongbere folksboeken destyds net sa bare great west hawwe kin, liket it dochs wol in oannimlike hypothese.

P. Gerbenzon.

1) *Frysk út de 17de ieu* útjown fan A. Feitsma (Estrikken XV), s. 56, r. 321 e.f.; *Petri Baardt Friesche Boere-Practica* neffens de foarste printinge mei ynlieding en oantekeningen fan J.H. Brouwer (Magnus-rige 9), s. 31, r. 324 e.f.

2) Sjoch de boppe neamde útjefte fan Brouwer, s. 42.

3) Forlykje binammen *J.H. Brouwer*, Jan Jansz. Starter, Assen 1940, p. 15 e.v.